

KATEGORY	OANTAL	YNVESTARRE TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN
 ENERZJY EN DUORSUMENS	24	€ 632.176
 KEUNST EN KULTUER	24	€ 471.783
 LEEFBERENS	40	€ 1.097.938
 MIENSKIP EN BEDRIUW	14	€ 464.166
 NATUER EN KULTUERHISTOARJE	24	€ 452.593
 SPORT	26	€ 732.268
 FERDUORSUMJEN MIENSKIPSGEBOUWEN	27	€ 901.431
 SOARCH EN WOLWÊZEN	5	€ 148.010
 FRYSLÂN FERBYNT – VRIJWILLIGERSDAG 2024	56	€ 28.000

Disclaimer: Foar 2024 waard de IMF category lyts troch de gemeente en harren rjochtsfoargongers útfierd. Dêrtroch binne der mear projekten honorearre yn dizze gemeente as sichtber op dizze faktsjit.

Tankwurd

Ut namme fan de Provinsje Fryslân wol ik jimme as belutsen ynwenners, organisaasjes en frijwilligers tank sizze foar jimme grutte ynset yn de ôfrûne jierren! Mei troch jimme en help fan de Provinsje binne tal fan inisjativen ta útfiering brocht. Mei-inoar hawwe wy ús direkte libbensomjouwing moaier makke. Yn doarp, wyk en stêd. Sûnt 2015 stipet it Iepen Mienskipfûns tûzenen ideeën – grut en lyts. Allegear foar ús Fryske mienskip. Dat binne saken om grutsk op te wêzen en dêr geane wy ek mei troch. Sa bouwe wy fierder oan in leefbere en moaie provinsje dy't ús bynt.

Sijbe Knol
Deputearre Leefberens



GEMEENTE SÚDWEST-FRYSLÂN

10 jier Iepen Mienskipfûns

It Iepen Mienskipfûns bestiet 10 jier. Foar jo leit de ynformaasjeblêd fan de gemeente Súdwest-Fryslân. Hjiryn kinne jo sjen hoevolle projekten de ôfrûne 10 jier troch de provinsje Fryslân stipe binne troch it Iepen Mienskipfûns.

Yn 2015 waard it Iepen Mienskipfûns oprjochte om subsydzjes dy't bedoeld binne foar frijwilligers tagonklikker en yntegrale te meitsjen en dat hawwe wy witten. Inisjatyfnimmers koene terjochte foar advys en help by oanfragen yn it strekhûs Súdwest Fryslân wat fêstige is yn Snits. De provinsje waard oerspielt mei oanfragen. Fryslân brûst!



De Provinsje is grutsk dat se al 10 jier bydraacht oan it noch moaier en leefberder meitsjen fan de Fryske doarpen, wiken en eilannen. Mear ynformaasje oer it fûns en oankommende iepenstellingen treffe jo op: fryslan.fr/imfoanfreegje.

240

TOTAAL OANTAL PROJEKTEN

Yn totaal is € 4.928.365 troch de provinsje Fryslân ynvestearre yn projekten binnen gemeente Súdwest-Fryslân. Dat is € 54,45 de ynwenner.

YNVESTARRE BEDRACH:

Bydrage provinsje Fryslân
€ 4.928.365

Totaal ynvestearre bedrach troch de Mienskip
€ 20.878.161

Multiplier 4,24

ÚTLICHT:

Oer de râne fan 'e tiid

Yn it ramt fan it 75-jierrich jubileum fan fûgelwacht Wommels e.o. is dit projekt yn 2021 úteinset mei as doel om werom te sjen op 75 jier histoarje, te reflektearjen op hjoed-de-dei en foarút te sjen nei de kommende 75 jier. Benammen om de fisy op dy feroarjende tiden yn omtinken te bringen en foar kommende generaasjes fêst te lizzen. Keunstners, dichters, muzikanten, in wittenskipper en kabaretier Jochem Meyer hâlden elk 24 oeren yn in glêzen hûs ta om ynspiraasje op te dwaan en dat op eigen wize fêst te lizzen. By it stal jaan en realisearjen dêrfan waard in brede sosjale en maatskiplike groep behelle: skoalbern, boeren, mar bygelyks ek de bewenners fan it fersoargingshûs en kljinten fan soarchynstelling Talant. De opbringsten hawwe in duorsum plak binnen de grinzen fan it gebiet fan de fûgelwacht krige.




Projektaart gemeente Súdwest-Fryslân

Sûnt de oprjochting fan it Iepen Mienskipsfûns (IMF) yn 2015 binne der al mear as 2500 projekten realisearre dy't de leefberens yn Fryslân ferbetterje. Dy inisjativen, inisjearre en útfierd troch ynwenners sels, hawwe net allinnich de regio fersterke, mar ek de ferbining en it eigenskip tusken de bewenners en harren omjouwing.

Dizze projektaart jout in byld fan it tal ôfrûne projekten yn de gemeente Súdwest-Fryslân.

NIJSGJIRICH NEI
DE PROJEKTEN?



TALJOCHTING:

Energjy en Duorsumens	Keunst en Kultuer	Leefberens
Mienskip en Bedriuw	Natuer en Kultuerhistoarje	Sport
Ferduorsumjen Mienskipsgebouwen	Soarch en Wolwêzen	Fryslân Ferbynt

OANTAL PROJEKTEN: 240

TOTAAL YNVESTARRE BEDRACH TROCH DE MIENSKIP: € 20.878.161

TOTAAL YNVESTARRE BEDRACH TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN: € 4.928.365